



WYLDE MARJOLEIN EN TIJM

(Wilde Marjolein en Tijm)

In tragikomeedzje

fan

JACQUES VRIENS

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **WYLDE MARJOLEIN EN TIJM WILDE MARJOLEIN EN TIJM** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **JACQUES VRIENS** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2021 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **5** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten, Telefoon (03)3.66.44.00, E-mail: bestellen@toneelfonds.be en Website: www.toneelfonds.be.

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

LEO(NARD) K. BIJSTERVELD - eigener túnsintrum

LOES - syn frou

MARJOLEIN - harren dochter

TIJM - harren soan

BEPPE

DEKOR:

De wenkeamer fan in famylje dy't it goed dwaan kin. Bytsje sweeslaggerich, want de famylje is wat 'omheech fallen'. Sintraal in learen bank of sokssawat mei in taffeltsje der neist mei in kwasy sjike lampe en in lyts taffeltsje foar de bank. Oan de sydkanten en/of achterkant in bar mei drank, skilderijen, planten en sa. En wa wit op de achtergrûn it túnsintrum.

SÊNE IEN

(romantyske muzyk. It begjin fan in amateuristysk reklamespotsje. Dan seit in stim. 'Wolle jo de tún opfleurje? Mei (hurd achterelkoar opsizze) perkplanten, rozebôgen, túnmeubels, potten, haachskjirren, boaiembedekkers, fonteinen, turbomeanders, kavia's, reidmatten... (dan wer gewoan) Jo hoege net lang te speuren! Want jo fine it by: Leonard K. Bijsterveld foar jo totale túngebeuren!'

Loes rint wat senuwachtich hinne en wer. Giet sitten, dan wer oerein, sjocht oft der ek ien oan komt, giet wer sitten en wol harsels in kopke tee ynjitte. De hân trillet en dêrmei ek de teepot. Set de teepot mei in klap del. Giet rjochtop sitten, docht de eagen ticht en sprekt harsels ta)

LOES: Untspanne...! **hielendal** ûntspanne... kalm no... djip sykhelje... oant ûnder yn it bekken en no út... azemje! Stadich... azem yn... azem út... azem yn... azem út... azem... *(liket even te ûntspannen, springt dan oerein en rint wer hinne en wer)* O god, ik kin it net. It slagget net. Ik wurd gek fan mysels. Mar ik moat kalm wêze jûn, it moat. *(ferhellet har)* Toe Loes, do besikest it noch in kear... azem yn... azem út... azem yn... azem út... *(eagen ticht)* azem yn... azem út... ja, sa moat it... azem yn en azem út... en... *(ûnderwilens komt Tijm op. Hy sjocht der wat eigenaardich út yn in lang fantasije-gewaad. Hy hat in rêchpûde of sokssawat by him. Hy sjocht even nei syn mem en seit dan)*

TIJM: Hoi mem!

LOES: *(skrikt)* Hè jonge doch, do litst my skrikke...

TIJM: Sorry mem.

LOES: *(lilk)* Ferdoarje, no koe ik einlings in bytsje ûntspanne en dan komsto deryn.

TIJM: Mar mem, do witst doch dat ik komme soe.

LOES: Jawol jonge, mar ik waard sa senuwachtich fan it wachtsjen. Ik tocht hieltyd: at er hjir no mar is foardat syn heit thúskomt. *(hat troch dat se hiel kribbich docht)* Sorry, doch ik ek noch ferfelend tsjin dy. *(jout him in tút)* Ik bin bliid datst der bist, jonge. Sa'n skoft lyn datst hjir west hiest.

TIJM: Kom hjir es... dan sil ik dy de nekke es even lekker massearje... do moastst dy ûntspanne mem...

LOES: Foarsichtich mei it hier, jonge...

TIJM: Hoe fielt dat... No...

LOES: Fijn jonge, fijn...

TIJM: *(nei in lange stilte)* Ingelwoartel.

LOES: Hin?

TIJM: Ingelwoartel, dêr wurdst rêstich fan, mem. It is in krachtich en kalmearjend toanikum foar de sensuwen.

LOES: Is dat in plant of sa?

TIJM: Ja mem, Ingelwoartel is in grutte hierrige plant dy't bloeit yn Sibearië.

LOES: Hè getfer, dat heart net echt as kalmearjend: in grutte hierrige plant út Sibearië.

TIJM: It helpt wier mem. Je minge de druppen fan de Ingelwoartel mei Lavindel en Jojoba-oalje en dêrmei massearje je trije kear deis de búk.

LOES: Moat ik dat allegear op de búk smarre?

TIJM: Lit mar mem. We ha 't der noch wol es oer.

LOES: Litte we dat dwaan, mar Tijm... ik... eehh... *(fynt it dreech om te sizzen)*

TIJM: Mem, ik hyt al in jier Taranis.

LOES: O ja, ek sawat... mar goed... ik woe sizze, sûnt datsto yn dy... dy... klup sitst...

TIJM: Leef-, Wurkje- en Ynderlike groeimienskip, mem.

LOES: Jaja, fansels, sûnt datsto yn dy... eehh... **dêryn** sitst, bist sa feroare. Hast it ynienen oer Jojoba en Ingelehier...

TIJM: ...woartel

LOES: Ja fansels, woartel. En ik seach lêsten in foto fan dy man dy't by jim de baas is...

TIJM: Us gebieder, de grutte Ama Babba.

LOES: Ik tocht daliks: dat is dy baas... dy gebieder fan ús Tijm... eehh ús Tetanus.

TIJM: Taranis...

LOES: Dy gebieder hie ek sa'n jurk oan as do. Ik fûn it wol in bytsje in ysluke man. Hy like wol wat op in grutte hierrige plant.

TIJM: (*glimket myld*) Hâld der mar oer op mem, jim begripe dat doch net. Sûnt ik de frede fûn ha bin ik gelokkich.

LOES: Dat is fijn om te hearren, jonge.

TIJM: Mienst dat mem?

LOES: Ja jonge, mar... soest asjebleaf dy jurk útdwaan wolle at heit sadaliks thúskomt?

TIJM: En ik fiel my krekt hiel ûntspannen en fredich troch dit gewaad, mem. It is makke fan flaaks en ûnderdompele yn it sop fan it lyts hoefblêd. Trouwens, ik mei it net útdwaan mem, fan Ama Babba.

LOES: Kinst dy Babba net even belje en freegje oft dy jurk in kertierke út kin?

TIJM: Leave memmy, wat binne we doch in ein útelkoar groeid.

LOES: Ja, mar, at heit aansen thúskomt, do witst dat hy dat ding freeslik fynt.

TIJM: Hy sil der oan wenne moatte.

LOES: Mar it moat doch in bytsje gesellich wurde jûn. Moarn trout dyn suster Marjolein.

TIJM: Is dat no wol ferstannich, mem...

LOES: Wat bedoelst?

TIJM: Dat se trout, ik wit net oft...

LOES: It giet de lêste tiid hiel goed mei har, echt wier.

TIJM: Fansels mem, mar it is ús Marjoleintsje.

LOES: Se is al hast tritich. En wy binne de jongsten ek net mear. En dy jonge dêr't se mei trout is hiel aardich. Hy is ek in bytsje... hoe sil ik it sizze... lykas ús Marjoleintsje... in bytsje...

TIJM: Sempel?

LOES: Ja sokssawat, mar it wurdt moarn yn elk gefal in moai feest. En it wurdt drok, want heit hat al syn relaasjes útnûge. Ek de minsken fan alle oare túnsintra yn de regio. Sels dinges komt, hoe hyt er ek al wer, dy direkteur fan 'Total Garden', jim heit hat it faak oer 'm. Hoe hyt er no ek al wer?

TIJM: Van Buul, Willem van Buul.

LOES: Ja dy! Willem van Buul fan 'Total Garden'. Hy is jim heit syn grutste konkurrint en doch komt er. Mar at er dy yn dy jurk sjocht.

TIJM: (*kribbich, falt hiel even út de rol fan sachte freonlike jonge mei in jurk oan*) Hè mem, hâld no op. Wêrom ha jim my eins útnûge?

LOES: Ergerje dy no fuortendaliks net sa, Tijm... eehh Katrinus...

TIJM: Taranis mem, Taranis.

LOES: Wy ha mar in lytse famylje en dan is it fijn at elkenien der by is. Sels beppe komt. En omdat we dy noch mar amper sjogge, sûnt datst by dy Babba sitst, like it my goed om jûn noch even ûnder ús te wêzen. Gewoan even gesellich allegear ûnder elkoar. En dan kinst daliks yn de kunde komme mei dyn oansteande swager.

TIJM: Mem, moat dat no echt?

LOES: Wat bedoelst no, Tyrannis... eehh... tarra... dinges.

TIJM: Moarn en... (*wifelt*) jûn is it doch ek... nee lit mar.

LOES: Wat wolst no sizze, Tijm?

TIJM: Taranis mem, ik hyt Taranis.

LOES: Jaja, mar wat hast op jûn tsjin?

TIJM: It is al goed, mem.

LOES: Nee, ik wol it witte, Ta-ra-nis.

TIJM: De Gebieder seit dat wy de famyljebannen loslitte moatte. Ik bin hjir dan ek net foar mysels, mar allinne foar jim.

LOES: Ik fyn it wol in ûngesellige man, dy gebieder fan dy. Famylje heart doch by in minske.

TIJM: Nee mem, dat is allegear mar skyn, lucht, mist, eigenbelang. Lit alles los, seit de Ama Babba. Alles. Net allinne de famyljebannen, mar ek de saneamde freonskippen, de lilkens dy'tst yn dysels fielst, de matearje, jild, seks...

LOES: Sels seks? Jim ha... eehh... hoe sizze je dat... jim ha by dy klup gjin... eehh?

TIJM: Nee mem. Leafde en totale ûnthâlding, dêr giet it om, seit de Ama Babba.

LOES: Goh, dat is nochal wat, Tijm.

TIJM: (*no echt ergere*) Taranis mem, ik hyt Taranis.

LOES: Ja sorry, wat betsjut dy namme eins?

TIJM: Dat is in âlde Keltyske namme dy't de Ama Babba my jûn hat doe't ik opnommen waard yn syn mienskip. It betsjut 'Tonger'.

LOES: Tonger? Jim ha wol in bytsje rare dingen by 't ein by dy Babba. Ik bedoel fan dy hierrige woartels, gjin seks en ynienen hytst samar 'Tonger'.

TIJM: De Ama Babba trochsjocht minsken. Hy hoecht dy mar **ien** minút oan te sjen en hy wit hoe'tst bist.

LOES: Dat is wol handich fansels.

TIJM: Hy seach my oan mei dy waarme, donkerbrune leafdefolle eagen en sei: 'Do bist woelich, ûnrêstich, yn dy brânt it fjoer fan ûngeduerigens, do fielst dy opjage en dêrom sikest my, de ynderlike frede'.

LOES: Dat hat dy Babba fan dy moai sein en hy hat noch gelyk ek, jonge. Want froeger op skoalle seine se al datst in donderstien wiest, sels in bytsje agressyf nei de learkrachten ta en datst fierder neat útfrietst. Dus doe'tst juffer Hanneke in pear trapen ferkocht hiest ha wy dy teste litten. Dat duorre de hiele dei en doe wisten we eins noch neat. En dy Babba hoecht mar in minút nei dy te sjen mei syn donkerbrune eagen en hy wit it.

TIJM: Dêrom krige ik fan de Gebieder de namme Taranis. 'Tonger', om my tinke te litten oan wat ik **wie**, mar no net mear wêze wol. Ik ha de agresje, de lilkens yn mysels oerwûn, tanksij myn Ama Babba. Ik wol allinne noch it hege wurd fan leafde sprekke.

LOES: *(snapt it net hielendal)* O ja...

TIJM: Ik soe my no graach even weromlûke wolle om kontakt te meitsjen mei de Ama Babba.

LOES: Hast dyn mobyltsje by dy dan?

TIJM: *(laket)* Do snapst der noch net folle fan, hin mem?

LOES: Dat seist no elke kear eehh... Ta... jonge. Do bist myn soan en ik bin dyn mem. Ik wol dy graach begripe.

TIJM: Dat komt noch wol, mem. Lit my no mar even.

LOES: Wat dochst dan?

TIJM: Ik lûk my in healoerke werom yn mysels om de fibraasjes te fielen dy't de Ama Babba útstjoert.

LOES: Kin dat gewoan hjir? Of moatst ergens oars hinne. Op it dak of sa?

TIJM: Ik wol no even allinne wêze.

LOES: (*entûsjast*) Ik ha dyn eigen keammerke wer ynoarder makke.

TIJM: Fijn mem.

LOES: Witst wat ik dêr fûn? Knyntsje Dibbedab, do witst wol dyn krûpbistje fan froeger. Hy leit op bêd. Ik tocht: dan fielt er him wer thús.

TIJM: Dat hoecht net mear, mem. (*ôf*)

LOES: (*ropt 'm nei*) Atst doch kontakt makkest mei dy Babba, kinst miskien even freegje oft dy jurk út... (*suchtet en jout it op. Giet sitten*) Ik moat my foaral ûntspanne... ûntspan... azem yn... azem út... azem yn... azem... miskien moat ik doch es dat Ingelehier fan Tijm besykje... azem yn... (*amateuristysk reklamespotsje. Muzykje mei tekst derûnder:*

Sykje jo in plant of blom

Stap op de fyts en kom

Nei Leonard K. Bijsterveld

Jo tún is dan skylk fol fan kleuren


Troch ús totale túngebeuren.

(*Loes heart ien nûnderjen, springt oerein*) Dêr is hy. Kalm... kalm, ik moat kalm bliuwe!

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407

TONEEL
UITGEVERIJ  **INK**

“Samenspelen” is ons motto